



**Stifting Nijkleaster**

Ewerwert 5

9023 AV Jorwert

info@nijkleaster.nl

www.nijkleaster.nl

Banknr: NL 02 ABNA 0541 4184 40

Kamer van Koophandel: 011511683. Erkend ANBI

**'Nijkleaster-brief: 'Nei in hûs foar Nijkleaster'**

Jorwert, 22 augustus 2014.

Oan alle donateurs, freonen en relaasjes fan Nijkleaster,

Op 28 oktober 2012 waard Nijkleaster iepene mei in feestelike gearkomst yn 'e Jorwerter tsjerke. Sûnt dy tiid is der in soad bard en hat Nijkleaster de wyn aardich yn 'e seilen. Dizze simmer wurdt der hurd wurke oan de ferbouwing fan de tsjerke: der wurdt in ferdjipping yn de foartsjerke makke. Undertusken wurdt der ek al hurd neitocht oer de fierdere ûntwikkeling fan Nijkleaster, nammentlik in eigen 'Nijkleaster-hûs'. It bestjoer fan Nijkleaster hat dêr op de eftergrûn plannen oer makke. It is noch lang sa fier net, mar de tiid hâldt gjin skoft. No't de earste stappen yn 'e rjochting fan in kleaster-gebou setten binne, wolle wy jimme dêr graach oer ynformearje.

Dizze plannen binne ûntwikkele troch it bestjoer fan Nijkleaster. Ek yn it oerkoepeljende bestjoer fan de pionierplek Nijkleaster (Stifting Nijkleaster, tsjerklike gemeente Westerwert en Missionair Werk en Kerkgroei van de PKN) is dit al besprutsen. No't it iepenbier wurdt, binne de plannen earst op tongersdei 21 augustus oan de neiste bewenners fan de nije lokaasje en oan doarpsbelang foarlein. Daliks dêrnei is der in brief gien nei de ynweners fan Jorwert en de leden fan de gemeente Westerwert.

It bestjoer fan Nijkleaster hat mei Sake en Yke Castelein oerienstimming berikt om op termyn Nijkleaster te festigjen op harren pleats en hiem oan de **Sluytermanwei 8 te Jorwert** (midden yn it doarp, tsjinoer it kafee), ôfhinklik fansels fan fergunningen en finansiering. Yn it kleastergebou sil dan plak wêze foar in groep fan permanente bewenners én foar gasten dy't in dei, wykein of wike te gast binne by Nijkleaster.

Fansels sitte der oan sa'n plan alderhande heaken en eagen. Dat binne wy ús bewust. Dêrom lizze de plannen, útsein de lokaasje, noch hielendal iepen. Wy wolle nammentlik graach dat safolle as mooglik minsken meitinke kinne mei ús plannen,.

No 't aansens de ferdjipping klear is, begjinne wy yn it neijier mei it proses fan tinken oer de fierdere takomst fan Nijkleaster. Mear as allinne in beweging om 'e tsjerke hinne, hoopje wy ek midden yn Jorwert in eigen kleastergebou te krijen. It gedicht op de oare side hat ús as Nijkleaster fan it begjin ôf oan ynspirearre. Sa krije jim in dichterlike ympresje fan wat wy graach wolle.

## Hûs fan stilte

Lit ús in hûs fan stilte bouwe  
mei muorren fan leafde  
en in dak fan frede  
mei keamers fol blydskip  
en in tún  
in tún  
mei wat ljocht en wat skaad  
mei wat sjongende fûgels  
en in slomjende kat op it paad.

Lit ús in hûs fan leafde bouwe  
mei muorren fan begryp  
en in dak fan fertrouwen  
en in hiem om te sintsjen  
en keamers,  
keamers  
om yn te ferdwinen  
elkoarren te sykjen  
elkoarren te finen.  
Lit ús in hûs fan stilte bouwe.

(Tsjits Peanstra)

Mei in hertlike groetnis út namme fan Nijkleaster,



Henk Kroes  
(foarsitter fan Nijkleaster)



Hinne Wagenaar  
(dûmny foar Westerwert en Nijkleaster)